

Reaksjenota nei oanlieding fan de yntsjinne sjenswize op Beliedsplan Frysk 2020-2024

Op 11 maaie is it Beliedsplan Frysk besprutsen yn de kommisje DSF. Yn it generaal is it plan posityf ûntfongen. Nei de kommisjegearkomste is it beliedsplan op besjen lein. Dat hat laat ta ien reaksje.

Sjenswize Europeeske Buro foar Lytse Talen

Gearfetting: 1. It EBLT stelt fêst dat WF wakker aktyf is op de sosjale media mar dêr ientalich operearret en wol yn it Nederlânsk, krekt as soe der hielendal gjin Fryske taal bestean. Troch allinnich it Nederlânsk te brûken lit it Wetterskip in kâns lizze. Guon koarte boadskippen kinne yn elts gefal twatalich dien wurde. 2. De EBLT fynt it ûnderskied dat makke wurdt tusken mûnling en skriftlik ferkear net fan dizze tiid en diskriminearjend. 3. De sifers dy't neamd binne, binne efterhelle en sketse in te negatyf byld fan de realiteit. 4. De EBLT konstataarret dat it Wetterskip op dit stuit him beheint ta 'geveltsjefrysk' en hjirmei hannellet yn striid mei Europeeske regeljouwing. 5. De EBTB kin har yntinke dat it wetterskip út eigen middels net in soad jild beskikber stelt foar taalbelied. It hoecht lykwols net in soad jild te kostjen as it wetterskip meartaliger kommunisearjen giet mei de Fryske boargers. Filmkes moatte op syn minst 50% Frysk talich wêze en foar it oare promoasje materiaal moatte konkrete sifers neamd wurde sadat der better evaluearre wurde kin. It Wetterskip kin in berop dwaan op it provinsjale potsje dat beskikber is foar de útfiering van taalbelied. 6. It EBLF wol wol partisipearje yn de wurkgroep dy't oprjochte wurde sil.

Us reaksje

Yn it foarste plak is it deistich bestjoer wiis mei de ynternasjonale belangstelling dy't toand wurdt foar it taalbeleidsplan fan it wetterskip. Moai dat it Europeesk Buro foar Lytse Talen meitinkt. Dan ús reaksje op de sjenswize fan it EBLT. 1. Wy diele de opfetting fan it EBLT dat wy kânsen lizze litte troch yn de sosjale media net mear gebrûk te meitsjen fan it Frysk. Dat moat oars en wy sille maatregels treffe sadat dizze efterstân ynhelle wurdt. Konkreet sille de minsken dy út namme fan it wetterskip Twitterje, Faceboeke, Ynstagramme as Youtube, de opdracht krije om faker it Frysk te brûken. Wy binne der wis fan dat ús boadskippen dêrtroch noch better oer komme sille, al moatte wy fansels altyd rekkening hâlde mei it feit dat ús yngelannen foar in part ek yn Grinslân wenje. Op ús webside en yn ús filmkes sil tenei faker it Frysk brûkt wurde, wêrby mei help fan ûndertiteling ek ús yngelannen betsjinne wurde sille dy't it Frysk net machtich binne. Wy fiele neat foar it ynstellen fan kwota.

2. EBLT wiist derop dat yn dizze tiid fan digitale en sosjale media de skieding tusken mûnling en skriftlik ferkear folle minder skerp en absolút is as foarhinne. It spyt ús dat ús beskriuwing oer komt as 'it meitsjen fan in skerpe skieding'. Hoewol't de wet it ûnderskied ek makket, is it krekt ús bedoeling om sawol it skriftlike as it mûnlinge gebrûk fan it Frysk te fersterkjen troch de maatregels sa as dy beskreaun binne.

3. It kin sa wêze dat de sifers dy't wy brûke as it giet om de skriftlike taalfeardigens net aktueel binne. It hat hoe dan ek net ús bedoeling west om de hjoeddeistige werklikheid ûngeunstiger foar te stellen dan dy is. Neffens ús bliuwt lykwols oerein stean dat mar in bytsje minsken hjoeddedei it Frysk spontaan skriftlik brûke. Krekt troch te wizen op de treflike helpmiddels dy't der tsjinwurdich binne (bygelyks op Taalweb.frl) wolle wy stypje dat ús amtner -as se dat wolle- it Frysk bygelyks yn de mail faker brûke.

4. It giet ús stûf genôch en konkludearje dat wy as wetterskip ús oant no ta beheine ta geveltsjefrysk. Dat docht gjin rjocht oan alle minsken dy't op dit stuit bij WF it Frysk folop brûke. Troch de maatregels yn it beliedsplan beskreaun, fersterkje wy nei ús betinken de posysje fan it Frysk by it wetterskip en foldogge dêrmei oan de Nederlânske en Europeeske wetjouwing.

5. It is ús bekend dat de provinsje Fryslân jild beskikber hat foar oare oerheden dy't mei it Frysk oan de slach wolle. Foarútrinnend op de beslútfoarming troch ús algemien bestjoer hawwe wy al in

fersyk by de provinsje dellein om ús finansjeel in triuwke yn de rêch te jaan om it Frysk by it wetterskip foarút te helpen. Wy ferwachtsje dat ús fersyk honorearre wurdt.

6. Wy binne wiis mei it oanbod fan it EBLT om yn wurkgroepferbân mei te praten oer it Frysk by Wetterskip Fryslân. Wy wolle foarearst besykje om ús der sels mei te rêden. Mocht by de evaluaasje –of earder- bliken dwaan dat wy it net oprêde sûnder fierdere stipe, dan sille wy grif EBLT en oare ynstânsjes freegje ús te skewielen.